



Dy't net oplûkt as it byt,
rekket grif syn bearske
kwyt

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Kampioen

It oranje lint, it wilhelmus en it earerûntsje wiene wer foar Holtrop út Baaium

pagina 5>



Blabberboel

Boartsje yn de drek joech in ekstra tintsje oan it Wommelser Greidhoek' Festival

pagina 15>



Nij boek

Stikelbaarch krijt in keninklike útnoeging, mar ferliest ûnderweis al syn kadootsjes

pagina 17>

Weidumer sportman Van Zutphen wint triathlon Wommels



Jort van Zutphen út Weidum hat ôfrûne sneon yn Wommels de triathlon op syn namme skreaun. Hy hie in startbewis foar it wrâldkampioenskip triathlon yn Rotterdam, mar keas foar Wommels. De triathlon yn Wommels waard foar de fyfde kear holden. Freedtejûn kamen de bern yn aksje. Nei ien kilometer swimmen yn it wetter fan de Boalsertter Feart, fjirtich kilometer fytsen en tien kilometer draven

kaam Van Zutphen yn in tiid fan 2 oeren, 2 minuten en 18 sekonden oer de finish. Tiedo Tinga út Boalsert, dy't it grutste part fan de triatlon foarop lei, waard in kilometer foar de finish yn helle troch Van Zutphen. Tinga waard wol twadde. Marco Kamstra út Wommels kaam as tredde oer de streep. De earst oankommende frou wie Berber Bergsma fan De Lemmer.

De achtste triathlon mei de start yn it bûtenwetter waard wûn troch Thomas Wobma út Boalsert, Alex Bergsma út Doorwerth kaam as twadde oer de einstreek en in tredde plak wie der foar Symen de Jong út Gytsjerk. Hanno Zomermaand út Frjentsjer skreaun de achtste triathlon, mei de start yn it swimbud, op syn namme. Twadde waard Pieter Atsma út Surhústerfean en Bart Roemers waard tredde.

avek
SINDS 1927
90 JAAR

AVEK-10-DAAGSE
19 t/m 30 septimber

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

Make love not war!

GREIDHOEK FESTIVAL
septimber 2017

Tige by tige!

Praktijk voor
huidverzorging

Schoonheidssalon **Joke**

De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum. Tel. (058) 250 16 18
Lid ANBOS • www.schoonheidssalon-joke.nl

skilder nedich
www.skilder.nl
06 - 53360461

IT FOARSTELLING
26 SEPTIMBER EKSTRA FOARSTELLING
DE HUN YN DE NACHT

www.iepenloftspuljorwert.nl